



## PARSEBERJOCHT

Ljouwert, 19 oktober 2010

### Leve(n)de taalvariatie: taal en taalferskil sintraal by Oktober Kennismaand

De Fryske Akademy organisearret op freed 29 oktober 2010 in gearkomste, mei as tema 'Leve(n)de taalvariatie'. Prof. dr. Marc van Oostendorp en Prof. dr. Arjen Versloot fersoargje fan 15.00 - 17.00 oere ôf elk in lêzing yn kongres- en stúdzjesintrum It Aljemint fan de Fryske Akademy oan de Doelestrjitte te Ljouwert.

'Dialectrenaissance, tien jaar later' is de titel fan Van Oostendorp syn lêzing. It Meertens Instituut, dêr't er oan ferbûn is, sette tsien jier lyn út ein mei in ûndersyksprogramma mei dy namme. It wie basearre op de observaasje dat de streektalen yn Nederlân har begûnen te oppenearjen op mêden dêr't se earder amper of net brûkt waarden, lykas popmuzyk, bibeloersettingen, tsjerketsjinsten, literatuer. Tiid om in tuskenbalâns op te meitsjen. Hoe stiet it der no mei de dialektrenêssânse foar? Wat is der yn dyn tsien jier feroare? Wat betsjutte ûntjouwingen lykas de trochgeande globalisearring en ienwurding fan Europa, it debat oangeande ymmigrantekultueren en it ynternet foar de streektalen?

'Fariaasje en feroaring', dat is de titel fan de lêzing fan Versloot. Yn alle talen komt fariaasje foar. En der is wer fariaasje yn 'e fariaasje. Guon farianten komme iuwen nêstinoar foar, oaren in koart skoft, wylst in nije fariant de âlde ek frij gau ferkringe kin. Dat lêste liket it measte foar te kommen. Oan 'e hân fan ferskynsels út it Frysk fan no en eartiids sil Versloot yn kaarten en grafiken guon nijsgjirrige foarbylden fan fariaasje jaan. Mei help fan kompjûtersimulaasjes lit er sjen, hoe't it ûntstean fan fariaasje en de ûntjouwing dêrfan begrepen wurde kinne.

### Oktober Kennismaand

De gearkomste wurdt organisearre yn it ramt fan Oktober Kennismaand. Dit lanlik barren jout de besiker in priuwke fan de fassinearjende wrâld fan wittenskip en technology. Withoefolle (ûndersyks)ynstellings, bedriuwen, universiteiten, wittenskipsintra en stjerrewachten iepenje harren doarren. It tema fan dit jier is 'Leven(n) de variatie!'. It hiele programma is te finen op [www.oktoberkennismaand.nl](http://www.oktoberkennismaand.nl)

Dizze gearkomste is it lêste part fan de fjirde 'Dei fan de Fryske Taalkunde', organisearre fan it Taalkundich Wurkferbân fan de Fryske Akademy.

De tagong is fergees.

////////////////////////////////////

**Noat foar de redaksje, net foar publikaasje:**

Foar neiere ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei Mettje de Vries, Kommunkaasjemeiwurker  
Fryske Akademy, T 058 - 234 30 66, E [mdevries@fryske-akademy.nl](mailto:mdevries@fryske-akademy.nl)

Fryske Akademy  
Doelestrjitte 8  
Postbus 54  
8900 AB Ljouwert/Leeuwarden

T 058 - 213 14 14  
E [fa@fryske-akademy.nl](mailto:fa@fryske-akademy.nl)  
W [www.fryske-akademy.nl](http://www.fryske-akademy.nl)